

Les 5

5.1. Stavering

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

5.1.1. Staveringsopdracht

A. Besykje om sûnder boarnen de neikommende wurden goed te staverjen troch al of net in *dielteken* (*trema*) te brûken.

- | | |
|--------------------------|-------------------|
| 1. kaanyt (Mantgum!) | 16. yndustryen |
| 2. beanderje | 17. Israel |
| 3. oseansyk | 18. mei har twaen |
| 4. reaksje | 19. poezije |
| 5. alinea | 20. naivens |
| 6. kreatyf | 21. beizelje |
| 7. beamte (amtner) | 22. deisme |
| 8. beamte (beammeguod) | 23. snieich |
| 9. yndividuen | 24. klaaiing |
| 10. reele | 25. meiinoar |
| 11. seen | 26. yntuityf |
| 12. hygienysk | 27. kooperaasje |
| 13. kopiearje | 28. neonljocht |
| 14. kliïnt ('klant') | 29. geolooch |
| 15. Italje (ek: Itaalje) | 30. fakuum |

Ferlykje no jo kar mei haadstik 9 fan *Stavering*. Ferbetterje de flaters.

B. Binne de neikommende wurden mei *ea/e*; *oa/o*; *ue/u*; *ie*; *oe*; *eo/eu* goed skreaun? Ferbetterje de flaters.

- | | |
|---------------------|------------------|
| 1. bearen | 8. ynspiraasje |
| 2. hieren ('huren') | 9. gerosjek |
| 3. rozen | 10. mammoeten |
| 4. fluezen | 11. neontsje |
| 5. freunen | 12. akkordeon |
| 6. katagorysk | 13. neö-romantyk |
| 7. kultuereel | 14. geolooch |

Ferlykje jo kar, as jo net wis binne, mei haadstik 10 út *Stavering*.

5.1.2. Staveringsregels

1. By twa of mear lûdtekens, dy't mear as ien wurdlid útsprutsen wurde, kin in *trema* brûkt wurde om betizing yn 'e útspraak foar te kommen. Dat *dielteken* wurdt yn alle gefallen brûkt as de opinoar folgjende lûden ek in lang lûd of in twalûd foarstelle kinne: *aa*, *ee*, *ii*, *oo*, *oe*, *ie*, *eee*.

Foarbylden:

aä: Aäronitysk, Kanaän

eê: reële, ideële

iï: kopiïst, kliïnt

oö: koördinaat, soölooch

oë: poëtysk, poëzije

ië: Armenië (better: Armeenje), hygiënysk

eeë/eëe: feeëryk, reëel

Yn oare kombinaasjes mei men it *trema* nei eigen ynsjoch brûke om it lêzen makliker te meitsjen. Yn bekende wurden lykas *reaksje*, *realisme*, *naiviteit* wurdt it *trema* gauris weilitten, om't dêr net sa gau betizing te ferwachtsjen is.

Yn WB-I stiet te lêzen (s. 6): 'Gearstallings dy't it *dielteken* op 'e earste letter fan it twadde part krije *kinne*, wurde yn dit wurdboek sûnder dat teken, mar mei in lizzend streekje (keppelteken) skreaun: bgl. *boereärbeider*, *deaëangst*, *eineäai*, *meiïnoar* wurde *boere-arbeider*, *dea-eangst*, *eine-aai*, *mei-inoar*.' It liket derop dat *meiïnoar* ek sûnder diel- of keppelteken skreaun wurde kin (sjoch ek s. 19, ûnder punt 10): *ii* yn *meiïnoar* kin ommers gjin útspraakbetizing jaan, it

is gjin (lang) *ienlûd*. Dat wurdt dan ek wol dien. Wat liket jo de gaadlikste standertfoarm? Wêrom? De kombinaasjes *eo* (*neonljocht*) en *ue* (*duelllearje*) krije nea in trema.

Yn it wurd *fakuüm* wurdt dochs in dielteken skreaun, alhoewol't de kombinaasje *uu* yn it Frysk net foarkomt.

2. De wurdein *-eren* yn tiidwurden wurdt stavere as *-earje*: *analysearje*, *parkearje* (ferl. WB-I en de *Nije list!*), *kampearje*, *fantasearje*, *studearje*.

3. De ûnbeklamme wurdein *-ie* wurdt yn 'e regel stavere as *-je*. Yn guon gefallen is der wikseling mei *-y* of komt *-y* allinnich mar foar.

Foarbylden:

-je: *baktearje*, *evangeelje*, *poarje*

-y/-je: *akademy/akadeemje*, *taksy/taksje*, *fersy/ferzje*, *fisy/fyzje*

-y: *griffy*, *kuery*, *religy*

4. Giet oan de wurdein *-ie* in *d* foarôf, dan wurdt tusken *d* en *-je* de oergongsklank *z* ynfoege: *komeedzje*, *remeedzje*, *subsydzje*.

5. De wurdein *-se*, útspraak [zə], wurdt stavere as *-ze*: *analyze*, *elektrolyze*, *synteze*.

6. De beklamme wurdeinen *-oir*, *-ois*, *-os*, *-ier*, *-er*, *-et*, *-ert*, *-ort* hâlde deselde stavering. Foarbylden:

-oir: *trottoir*, *dressoir*

-ois: *boerzois*

-os: *toernedos* (= soarte fan byfstik)

-ier: *konferensier*, *kahier*, *atelier*

-et: *filet*

-ert: *dessert*, *ekspert*

-ort: *komfort*

5.1.3. Staveringsregels

Folje no (thús) mei help fan boppesteande regels it folgjende yn: *dielteken* (·), *je*; *y*; *zje*; *ze*. As der mear mooglikheden binne, wat wurdt dan jo foarkarfantant?

- | | |
|-----------------|--|
| 1. Kanaanitysk | 15. seks... (2x, betsjuttingsferskil?) |
| 2. idee | 16. sear... |
| 3. oriïntaasje | 17. preem... |
| 4. kooperaasje | 18. evangeel... |
| 5. poezije | 19. taks... (2x) |
| 6. hygienist | 20. lin... |
| 7. feeeryk | 21. lyn... (ferl. mei nû. 20) |
| 8. reaksje | 22. relig... |
| 9. naiviteit | 23. griff... (ferl. mei WB-I, s. 20) |
| 10. neonreklame | 24. kuer... |
| 11. duelllearje | 25. punê... |
| 12. fakuum | 26. remi... |
| 13. dedusear... | 27. narkoa... |
| 14. evakuear... | 28. diagnoa... |

De goede foarms binne yn de *Nije list* en somtiden (better) yn it *WB* te finen. Sykje dy op as jo twivelje/twifelje. Sjoch jo listke mei ferbetterings fan de twa foargeande lessen nochris troch.

5.2 Tiidwurden

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

5.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje sûnder boarnen de folgjende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden (alle persoanen, notiid, doetiid, mulwurd en mij de eventuele swakke farianten): *ferdjerre*, *fergje*, *ferjitte*, *flechtsje* ('vlechten'), *frieze*, *gean*, *genêze*, *genietsje*, *glûpe*, *gripe*. Wat hawwe jo opskreaun foar de doetiid en it mulwurd fan *gean*? Wêrom? Wat soe de bêste standertfariant wêze en wêrom?

Wat tinke oaren yn jo groepke dêrfan? Ferlykje jo ferbûgings earst mei dy fan de oaren en dêrnei mei part B fan *Tiidwurden* (41-44) en dy fan de *Beknopte Friese vormleer* (57-58). Ferbetterje de flaters.

Ferbûgje (bygelyks thús) op deselde wize sûnder boarnen de neikommende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden: *hâlde, hjitte, jeie, jilde, kenne, kerve, kleie, kliuwe, knipe, koaitsje*. Ferlykje dy nei ôfrin wer mei de ferbûgings yn de alfabetyske list fan *Tiidwurden* (44-48) en mei dy yn de *Beknopte Friese vormleer* (58-60). Ferbetterje de flaters. Lês jo ferbûgings fan de twa foargeande lessen jitris oer.

5.2.2. Tiidwurdsfolchoarder

Yn de foarige les hawwe wy omtinken jûn oan de folchoarder fan de tiidwurden yn it Frysk. *Folchoarder* en *foarm* binne yn it Frysk fakentiids oars as yn it Hollânsk. Dat is net altiten like maklik.

5.2.3. Tiidwurde-opdracht

Wy jouwe as ferfolch op opdracht 4.2.3. (foarige les) in stikmannich foarbylden mei fjouwer of fiif tiidwurden. Dy komme benammen út: Dyk & Hoekstra (red.), *Ta de Fryske syntaksis* (Ljouwert: Fryske Akademy, 1987). Set dy haadsinnen oer yn it Hollânsk en gean nei wat de ferskillen binne.

1. a. Hy sil dat lêze moatten hawwe.
b. Hy sil dat lêzen hawwe moatte.
2. Soe hy dat *dien* hawwe kinne?
3. Hy soe dêr sitten *bleaun* wêze.
4. Hy hie dêr sitten bliuwe *kinnen*(kind).
5. Ik haw him dêr sitten bliuwe *litten*.
6. Hy koe him net oankommen *heard* hawwe.
7. Ik haw him praten *hearre kinnen* (kind).
8. Ik haw him sitten bliuwe litte *kinnen* (kind).
9. Hy hie sitten bliuwe kinne *moatten*.
10. Dy bern wurde mar rinne *litten* (wurde mar oan har lot *oerlitten*).
11. Dy stoel hie *makke* wurde *kinnen* (kind).
12. Dy stoel moat *makke* wurde kinne.
13. Ik moat him komme litte kinne.
14. Ik hie him komme litte kinne *moatten*.
15. Der wurdt troch him in ferske sjonge *litten*.
16. Hy hat in ferske sjonge litte *kinnen* (kind).
17. Hy koe in ferske sjonge *litten* hawwe.
18. Hy soe it juster wol dwaan litte *kinnen* (kind) hawwe.
19. a. Der hie wol in ferske sjonge *litten* wurde *kinnen* (kind).
b. Der hie wol in ferske *songen* wurde litte *kinnen* (kind).
20. Hy moat in ferske sjonge litte kinne.
21. Hy hie in ferske sjonge litte kinne *moatten*.

No noch in pear bysinnen:

1. (...) dat er dat *dien* hawwe kinne soe.
2. (...) dat er dat dwaan litte *kinnen* (kind) hawwe soe.

5.2.4. Nammefoarm + n

Yn it Frysk hat twa ynfinitiven: de nammefoarm op *-e*, bgl. *rinne*, en de ynfinityf op *-n*, bgl. (*te*) *rinnen*. De ynfinityf op *-n* mei *te* derfoar fynt men yn it domein fan tiidwurden lykas *begjinne*, *weagje*, *besykje*, *skine*, *pliigje*.

Sûnder *te* komt de ynfinityf op *-n* foar by de waarnimmingstiidwurden *sjen*, *hearre*, *fiele* en by de aspektuële helptiidwurden *gean*, *stean*, *bliuwe* en *komme*. By dat lêste skift komt de ynfinityf op *-n* sûnder *te* by in beheind tal tiidwurden foar, ntl. by *gean* en *bliuwe* yn kombinaasje mei *stean*, *sitte*, *lizze*, *hingje* en noch in stikmannich losse *gefallen* (*stykjen/wenjen bliuwe*, *oanstownen komme*). De ynfinityf op *-n* mei of sûnder *te* is mooglik by tiidwurden yn it domein fan *hawwe*. Dêrby is de konstruksje mei *te* + ynfinityf op *-n* typysk foar de Noardeasthoeke fan Fryslân (sjoch fierders *Tiidwurden*, par. 4.6. (s. 27-30).

5.2.5. Opdracht

Gean ris by josels nei oft jo yn de neikommende sinnen de tiidwurden tusken de heakjes al of net in *-n* jaan soene.

- A. 1. It begjint te (reine).
2. Hy weaget it net om te (komme).

3. Hy besiket om de les te (meitsje).
4. Hy skynt siik te (wêze).
5. Kees plichtet altyd op 'e tiid te (komme).

- B.
1. Samme heart Durk (komme).
 2. Ik haw dy wol (komme) heard.
 3. Ik seach dy wol (rinne).
 4. Hy hat my wol (fuortride) sjoen.
 5. Hy fiede it hûs (skodzje).
 6. Ik hie it wol (oankomme) field.
 7. Ik wit net, oft er him (rinne) hearde.

- C.
1. Ik gean (sitte, lizze, hingje).
 2. Ik bliuw (sitte, lizze, hingje).
 3. Hy moast (sitte, lizze, hingje) gean.
 4. Do moatst (sitte, lizze, hingje) bliuwe.
 5. Hy is dêr (stykje) bleaun.
 6. Hy is (oanride komme).
 7. De mannen kamen (ta) de keamer (ynstappe).
 8. Ik haw dêr noch in hoekje lân (te) (lizze).

- D.
1. Hy sit te (lêze).
 2. Hy hat sitten te (lêze). (Holl.: Hij heeft zitten lezen).
 3. Hy rint te (ite).
 4. Hy hat dêr (stean) te (fervje).
 5. De wask hinget te (droegje).

As jo it net krekt witte, pak dan *Tiidwurden*, lês par. 4.6. troch en ferbetterje de flaters.

5.3. Taalregels en taaleigen

5.3.1. Betreklike foarnamwurden

Betreklike foarnamwurden binne wurden dy't in (beskiedende) sin *ferbine* mei in wurd dat yn in foarôfgeande sin stiet. Soms slute se it *antesedint* yn. It *antesedint* is in wurd of sin dêr't de betreklike foarnamwurden nei weromwize. Yn it Frysk wurde as betreklike foarnamwurden brûkt: *dy't, dat, wa't, wat, dêr't; waans, wa's*. It binne eins foarnamwurden dy't as *ûnderskikkend bynwurd* brûkt wurde. It Hollânsk hat de foarms mei 't net. Sadwaande hawwe benammen net-Frysktaligen swierrichheden mei it goed brûken fan dy foarms, mar foar Frysktaligen is it ek oppassen!

1. *Dy't* wurdt brûkt as it *antesedint* in *de*-wurd is: De **man** *dy't* dêr rint, is ús heit; De **jonges (bern)**, *dy't* ik dat sein haw, ... ; De **tafel(s)**, de **huzen**, *dy't*... Ek nei *dyjinge*: **Dyjingen** *dy't* meidwaan sille ... Somtiden stiet it betreklik foarnamwurd net fuortdaliks efter it *antesedint*: Kinne jo de **beam** sjen *dy't* giele blêden hat?

2. *Dat* wurdt brûkt as it *antesedint* in *it*-wurd is: Dat is it **hûs** *dat* ik op it each hie; Dêr is it **famke** *dat* ik in blom jûn haw; It **hynder** *dat* ik kocht hie; Ik wol in **koekje** ite dat krekt út 'e ûne komt. Ek nei *itjinge, ditjinge, datjinge*: **Datjinge** *dat* my muoit ...

3. *Wa't* wurdt brûkt as it *antesedint* *al* is, of nei in *ferhâldingswurd* ('voorzetsel') of mei *ynsletten* *antesedint*: **Al** *wa't* wend is Frysk te sprekken ... ; **Al** *wa't* komt, is wolkom; De man **fan** (ferh. wurd) *wa't* ik dat hearde ... ; De frou **oan** *wa't* ik de wei frege, ... ; Sikkema is de boer **by** *wa't* ik ûngetiidzje sil; It is Wibe **mei** *wa't* ik meastentiids aaisykje; **Wa't** it wit, mei it sizze (ynsl. ant.; yn deselde gefallen as *dy't*).

Opm.: *Wa't* kin ek *freegjend* foarnamwurd wêze: Ik wit net, *wa't* it dien hat. It hat hjir gjin *antesedint*. Der is ek gjin *ynsletten* *antesedint*, want dan soe *wa't* ferfongen wurde kinne troch *hy dy't* of *him/har dy't*.

4. *Wat* wurdt brûkt nei *alles* en nei in *hiele sin* as *antesedint* of mei *ynsletten* *antesedint*: Dat is **alles** *wat* ik wit; **Alles** *wat* er docht, slagget him; **Hy is slagge foar syn eksamen**, *wat* my neat ôffoel; **Se hat wurk fûn yn 't heger ûnderwiis**, *wat* tsjintwurdich grif net tafalt; **Wat** tasein is, moat dien wurde (ynsl. ant.).

5. *Dêr't* wiist werom op in (bywurd fan) plak: De **pleats** *dêr't* wy wenje ... ; Oer dy brêge leit it **hûs** *dêr't* wy wenje. As it objekt gjin minske is, kin it betrekkingswurd (as *ûnderskikkende bynwurd*) *dêr* + *ferhâldingswurd* + 't wêze: Yn syn

hân hold er in **hammer**, *dêrmei't* er de spiker op 'e kop sloech. Almeast sil lykwols skreaun wurde: Yn syn hân hold er in **hammer**, *dêr't* er de spiker *mei* op 'e kop sloech.

Opm.: Betreklike bysinnen dy't wat sizze oer in bywurd fan *tiid* begjinne mei *doe't*: Dat wie in **simmer** *doe't* wy in soad sinne hiene.

6. As it betreklik foarnamwurd op in wurd slacht dat in persoan oantsjut, dan wurdt njonken *waans/wa's* en omskriuwings mei *dy syn* (eventueel: *dy har*) en de omskriuwing mei *dêr't* brûkt. Dat lêste is sels de iennichste mooglikheid as it net om in persoan giet: De **boer** *waans/wa's/dy syn* pleats *oft* it is; De **boer** *dêr't* de pleats fan is; De **wein** *dêr't* it tsjil fan stikken is.

By it selsstannich brûken fan de earste trije foarbylden wurdt de sin ornaris: De boer *dy sines* oft it is.

7. De konstruksje fan in (1) *ferhâldingswurd* (bgl. foar, troch, mei, ûnder, by, om, fan) + *betreklik foarnamwurd* (bgl. dy't, dat, *wa't*, wat) kin ôfwiksele wurde troch in (2) *foarnamwurdlik bywurd* as it slacht op in wurd dat in persoan oantsjut: 'De **man** (1) *foar wa't* ik it ornearre hie, ...' wurdt dan: 'De **man** (2) *dêr't* ik it foar ornearre hie, ...' As it net om in persoan giet, dan is allinnich it *foarnamwurdlik bywurd* mooglik: It **hûs** *dêr't* ik *oan* tink, ...

Sa't wy sjogge, is it *foarnamwurdlik bywurd* in kombinaasje fan in *bywurd* (der, hjir, *dêr*, wêr, earne, oeral) mei in *ferhâldingswurd* (bgl. foar, oan; sj. boppe). Yn it Frysk wurdt dat almeast **skiedber** brûkt (sj. ek les 4.3.1.)!

8. As der in ynsletten antesedint is, wurde foar persoanen *wa't* en *dy't* brûkt: *Wa't/dy't* dat seit/sizze, wit/witte fan neat; *Dy't* in misdied docht, wurdt straft; *Dy't* soks liend wurdt, moat it fuort weromjaan. By it-wurden wurdt *wat* of *dat* brûkt: *Wat/dat* it bêste útsicht hat, is my (as hûs) it measte wurdich; *Wat* jo ek meinimme, it is my allegearre bêst; *Wat* men net teplak bringt, wurdt gau wei. Yn sokke sinnen kinne *hy* of *hja/sy* taheakke wurde oan *dy't* en *dat* oan *wat*: *hy dy't* it dien hat; *dat wat* men net wit.

Ferlykje ek: **Dejinge** (= deselde) *dy't* him derta roppen fielt, moat him mar oppenearje; Men moat immen by foarkar professor meitsje yn **datjinge** (= datselde) *dat* er net wit (Holl.: datgene *wat*); Drink fan **itjinge** *dat* de feinten opdippe.

5.3.2. Optracht

Lês út de *Beknopte Friese vormleer* s. 28-31 (oer 'bepalingaankondigende en betrekkelijke voornaamwoorden') troch. Folje yn ûndersteand leske in betreklik foarnamwurd yn. Tink der derby om dat, as it tiidwurd der net *daliks* efter stiet, bygelyks *dy't* en *wa't* brûkt wurde (ûnderskikkend, mei 't). As dat net it gefal is, wurdt dat *dy* en *wa* (sûnder 't).

1. De man, ... ik in skoft net sjoen hie, stie ynienen foar my.
2. It hynder, ... ik kocht hie, begûn te fjouwerjen.
3. Al ... komt, is wolkom.
4. De man oan ik de wei frege, wie hjir net bekend.
5. Alles ... er docht, slagget him.
6. Hy is slagge foar syn rydbewiis, ... neat ôffoel.
7. Foar ... net kofje mei, is der tee.
8. ... it kin, mei it sels dwaan.
9. ... moai is, moat bliuwe.
10. De frou, ... it op 'e kursus goed die, sakke troch de senuwen.

5.3.3. Al of net oft

Yn les 4.3. hawwe wy nochal wat omtinken jûn oan it goed brûken fan de *bynwurden* yn it Frysk (benammen by par. 4.3.1. punt 4). It is net altyd dúdlik wannear't 'oft' brûkt wurde moat of wannear't it ek weilitten wurde kin. Tiersma jout yn syn *Frisian Reference Grammar* (1999², s. 92) in stikmannich foarbylden fan it brûken fan *oft*: Freegje him **wat oft** er drinke wol; Ik wit net, **wa oft** meigiet.

Oft wurdt almeast ek brûkt yn in bysin nei in *fergrutsjende trep* + *as*: Jimme binne **lytser as oft** ik tocht hie.

Freegjende foarnamwurden lykas *hok(foar)* en *wat(foar in)* folge troch in tiidwurd of haadwurd, kinne funksjonearje as ûnderskikkend bynwurd: It sil my benije, **hokfoar** minsken *oft* moarn komme; Yn **hokfoar** taal *oft* de ûnderwizer op skoalle mei de bern praat hat, is net sa maklik út te meitsjen; Ik wit te goed, **watfoar** (in) sûndich minske *oft* ik bin; Ik freegje my ôf, **hoe'n** fûgel *oft* dat wêze koe: Ik wit net, mei **watfoar** fleis *oft* er thúskomme sil; Do witst net, **hoe** wurch *oft* ik bin: Ik frege my ôf **hoe** hurd *oft* Hâns fytse koe.

Ferlykje ek de *Beknopte Friese vormleer*, s. 31 (yn it plak fan 'oft' wurdt dêr 'at' brûkt). Sjoch ris yn Popkema, *Grammatica Fries* (2006).

5.3.4. Direkte rede, yndirekte rede en tuskenrede

In sin as: 'Hy sei, hy gong te fiskjen', is wat in aparte konstruksje, dy't gauris yn it Frysk foarkomt. De sin hat nammentlik gjin bynwurd. Yn prinsipe kin sa'n sin ek in oare foarm krije:

1. Hy sei: 'Ik gean te fiskjen.' Dan stiet de sin yn de *direkte rede*.
2. Hy sei, dat er te fiskjen gong. No stiet de sin yn de *yndirekte rede*.

It is yn it Frysk lykwols gauris wenst en brûk de boppe hantearre *tuskenfoarm* (ek wol *frije rede*, *tuskenrede* of 'erlebte Rede' neamd):

3. Hy sei, hy gong te fiskjen.

De oerienkomsten mei de *direkte rede* binne:

- a. der is *gjin bynwurd* (dat);
- b. de folchoarder is dy fan in *haadsin*. Underwerp en persoansfoarm steane njonken inoar en dêr kin neat tusken komme.

De oerienkomsten mei de *yndirekte rede* binne:

- a. de persoan is deselde as yn de haadsin (er, hy);
- b. de persoansfoarm hat deselde tiid as de haadsin (sei, gong).

De 'trede' rede komt ek wolris yn it Hollânsk foar. Sa seit De Vooy's bygelyks: 'Hij zei, dat hij morgen komen zou (of zou komen), is *gewoner* dan: Hij zei, hij zou morgen komen.' Overdiep en Van Es sizze lykwols dat dy foarm 'in de *omgangs-* en *volkstaal* dikwijls voorkomt'. Yn it Dútsk is de frije rede ('erlebte Rede') ek lang net seldsum: Sie sagten, sie hätten keine Zeit/ Se seine, se hiene it net oan tiid.

Somtiden moat der ien en oar feroare wurde as immens wurden oerbrocht wurde fan de iene 'rede' yn de oare. In foarbyld:

1. Hy sei: 'Ik haw dy justerjûn net sjoen' (direkte rede).
2. Hy sei, dat er my de foarige jûns net sjoen hie (yndirekte rede).
3. Hy sei, hy hie my de foarige jûns net sjoen (tuskenrede; de sin is in *saaklik foarwerpssin* by sei).

De konstruksje kin allinnich mar foarkomme as der wat *sein* of *tocht* wurdt, dat werjûn wurde moat. Dat betsjut dat der mar in beheind tal tiidwurden binne dêr't soks by kin, bygelyks:

- Hy sei, rôp, (f)lústere, raasde, balte ...
- Hy tocht, ornearre, wie fan miening, besliste, oardiele ...
- Hy skreau, betsjutte ...

Wy jouwe noch in stikmannich foarbylden fan de *frije rede* út de literatuer:

1. Anna sei beskamme, de advokaat hie de wierheid sprutsen (Y. Poortinga).
2. En der kaam in stim dy't sei: hy moast dêr ek yn 't selskip wêze (Pultrum).
3. Dokter ornearre, Hommema moast nei Frjentsjer (S. van der Schaaf).
4. Ik hie gjin yn houten genôch, sei se (gjin sterk gestel) (R. van der Velde).

Al dy sinnen kinne yn eltse rede setten wurde. Wy besykje dat ek ris mei in freegjende sin:

- Hy frege my: 'Hasto dy net fersind?' (direkte rede)
- Hy frege my, oft ik my net fersind hie. (yndirekte rede)
- [Is in *frije rede* mooglik?] Konklúzje? Hoe sit dat mei de *hjittende* foarm ('gebiedende wijs')? Brûke jo de frije rede wolris yn jo teksten?

5.3.5. Opdracht trije *reden*

Skriu de neikommende sintsjes yn de trije boppeneamde 'reden'.

1. Tsjerk sei, dat er net komme koe.
2. Aly betsjutte my, ik moast dêr stean bliuwe.
3. Ik tocht: Der is net ien thúshûs.
4. Arjen ornearre, dat wy dêr wol hinne fytse koene.
5. Hja rôp, hja koe har wol rêde.
6. Sytse lei der tsjin yn, dat se ferline jier wol oardel oere wachtsje moasten en dat er sa net wer woe.
7. Lammert raasde: Wachtsje ris efkes!

5.3.6. Taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Lês globaal de siden 71-85 troch en meitsje oantekens. Jou ekstra omtinken oan:

- *literatuerferwizing en literatuerlist*: wittenskippers en minsken dy't op in oare wize mei wittenskiplike teksten te krijen hawwe, witte dat it mei ferwizings nei boarnen en mei de literatueropjefte tige krekt komt.
- *los of fêst*: foar it oainoar of los skriuwen fan wurden, it brûken fan keppelstreekje is De Haan syn oersjoch tige de muoite wurdich. It wurdboek sil ek net mist wurde kinne.
- *meartal*: yn it Frysk hawwe wurden op sjwa (stomme e) lykas *gemeente, binde, akkolade, barrikade, berte, delte, fakatuere* neffens de regel it meartal op *-n*. It (ferkearde) meartal op *-s* (**analyzes, *attitudes, *hypotezes, ensfh.*) wurdt almeast oer it Hollânsk liend. De Haan wol leafst ien foarm oanhâlde, it meartal op *-n*. Dat jout net allinnich de minste útsûnderings, mar is ek geef Frysk. Dus: *analyzen, anekdoaten, attituden, besiten, boeten, detektiven, enkêten, finalen, foarboaden, lawinen, fakatuieren, formulen, gûnen, halten, holten, hollen, kassetten, karriêren, kazernen, kollekten, kontrôlen, lawinen, lakunen, maketten, masinen, molen, offerten, prinsipen, prognoazen, saladen, taalkunden, typen, rûten, ensfh.* De Haan syn opmerking dat *frjemde* wurden op *-e* ornaris in *-s* krije (pendules, ensfh.) jout, as dy ek 'noarm' wurde soe, grutte betizing en is frijwol ûnmooglik te didaktisearjen. De útgong op *-n* soe neffens my de standert wêze en bliuwe moatte. Mij sadwaande dy *-s*-útgong mar!
- *men*: der is ferskil tusken it Hollânske en it Fryske ûnbeskate foarnamwurd 'men'. It Fryske *men* slút de sprekker yn en stiet der sels soms foar yn it plak. By men heart *jin* en *jins*: Men moat *jin* witte te behelpen (net: **him* of *sich!*); Men kin net mear as *jins* bêst dwaan (net: **syn!*). De oersetting fan: 'Men applaudisearde luid, toen de spreker op het podium verscheen', is: Hja/ De lju/ De minsken hantsjeklaptten, doe't de sprekker op it podium ferskynde. 'Men zegt, dat de jongelui in mei gaan trouwen', wurdt: Der wurdt sein/ It sizzen is/ Hja (Se) sizze, dat de jongelju maaie trouwe sille.

5.3.7. Griemank út *Op 't aljemint of oare boarnen*

Underwiislearmiddels: sjoch ûnder les 1.

Hiel wat taaleigen en taalregels binne ek te heljen út de grammatika's dy't oer it Frysk skreaun binne.

Tige weardefol is noch altyd de earder (yn les 3) al neamde spraakkeunst fan

- Sytstra en Hof, *Nieuwe Friesche Spraakkunst* út 1925,

mar ek de trije dielen fan P. Sipma binne fan betsjutting:

- Sipma, P., *Ta it Frysk I. Ynlieding, klanklear, stavering*. Ljouwert: Van der Velde, 1948.

- Sipma, P., *Ta it Frysk II. Wurdlear*. Ljouwert: Van der Velde, 1949.

- Sipma, P., *Ta it Frysk III. Bûgingslear, sinlear*. Ljouwert: Van der Velde, 1949.

In moderne Ingelsktalige spraaklear is dy fan Pieter Meijes Tiersma:

- Tiersma, P.M., *Frisian Reference Grammar*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999², nû. 886).

Op Afûk-kursussen (by de C-kursus en de akte-oplieding) wurdt brûkt:

- Popkema, J., *Ta de taalkunde fan it Frysk*. Ljouwert: Afûk, 1998 (twadde útjefte).

Tige fan belang is it standertwurk:

- Popkema, J., *Grammatica Fries, De regels van het Fries*. Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum, 2006 (378 siden).

(be)naderje

Naderje is:

1. 'In bezit nemen, naasten': Hy siet dronken efter it stjoer, dêrom hawwe se syn auto (be)nadere; 'zich toeëigenen, onrechtmatig in bezit nemen': Do meist neat fan in oar samar (be)naderje. It Hollânske 'benaderen' of 'benadering' bestiet yn it Frysk net yn dy foarm!

'Benaderen' kin in it Hollânsk ek betsjutte (1) 'beslach lizze op', mar it giet ús hjir benammen om in oare betsjutting:

2. 'Dichter bij (iets, iem.) komen': benei(st) komme, bykomme; 'De minister is niet gemakkelijk te benaderen', de minister is net maklik benei te kommen; 'Hij is vandaag niet te benaderen (wegens een slecht humeur)', hy is hjoed net te brûken; 'Deze poëzie is moeilijk te benaderen', dizze poëzije is min benei te kommen; 'In zijn beste werk benadert hij Picasso', yn syn bêste wurk komt er Picasso benei; 'Kinderen moet je kinderlijk benaderen', bern moastst bernlik oankomme; 'Een vraagstuk benaderen', in fraachstik oanpakke; 'Iem. benaderen (polsen)', immen hifkje, tantsje, ûnderstean; 'Iem. over iets benaderen', immen earne oer hifkje, tantsje, ûnderstean; immen earne oer geweken nimme, earne oer oan wêze/sille. 'Iemand benaderen', is kontakt mei ien sykje, ien freegje.

It Hollânske 'benadering' is:

1. 'Handeling; wijze van benaderen': wurkwize, oanpak;
2. 'Bij benadering': (sa) likernôch; 'Dat is bij benadering (v. gewicht, hoeveelheid, waarde)', dat is op 'e (rûge) roai; 'Dat is slechts bij benadering te bepalen', dat is inkeld (mar) te roaien.

In sin as: 'Yn it ljocht fan dy nije *benadering* kin de fraach steld wurde ...' befettet dus in hollânisme dat ferbettere wurde kin yn: *oanpak, wurkwize, opfetting, tinkwize, fyzje, (dit) ûnderskied* (of in oare, noch better passende omskriuwing).

'*Toenadering*' wurdt: (it) ta-inoar kommen. '*Toenadering zoeken*', kontakt sykje.

namme

'Namens (de familie)' wurdt yn it Frysk *út namme fan* (de famylje). Tink der om: *'nammens' en *'mei namme' is gjin Frysk.

'Met name' (geheten), by namme; 'bepaaldelijk', benammen, benammentlik.

'Ten name van', op ('e) namme fan. 'In naam', sabearre.

Nammers is 'trouwens'. *Nammentlik* is 'namelijk'. *Benammen* is 'met name, vooral'. *Nam(mer)ste* is 'des te'.

neffensdat

'Naarmate (dat)' (bywurd): neigeraden (dat), navenant dat, nei dat, nei't, neffensdat, neffens't.

'Naarmate van' (ferh. wurd): al neffens, al nei. 'Naargelang (van)' (bywurd): neffens, nei.

'Naargelang (dat)' (bywurd): neigeraden (dat), neidat, nei't, neffens dat, neffens't. 'Al naargelang (dat)': alneidat, alnei't.

njonken

Bywurd en ferhâldingswurd:

1. 'naast': Wy wenje njonken de skoalle. Hjir lyk njonken ('hier vlak naast'); Njonken immen lâns rinne.

2. 'tegenover': Hjir lyk njonken ('hier vlak tegenover'); Njonken ... oer ('tegenover'): De skoalle stiet lyk njonken de tsjerke oer.

3. 'jegens, tegenover': Alden hawwe plichten njonken har bern; Do meist net sa raar njonken in oar wêze; De ferhâlding fan Fryslân njonken Hollân; Hoe soe hy der njonken stean? ('hoe zou hij erover denken, wat zou zijn mening hierover zijn?').

4. 'vergeleken met': Njonken him bisto ien fan neat.

Benammen de betsjutting ûnder (3) moat ús spesjaal omtinken hâlde. Yn advertinsjes koe men somtiden lêze: Posityf stean *njonken* it Frysk.

'Tegenover' (ferh. wurd en bywurd):

1. 'aan de overzij'; 'tegenover de kerk', foar, tsjin, njonken de tsjerke oer; oer de tsjerke.

2. 'in tegenstelling met', foaroer. 'Daar staat tegenover', dêr stiet foaroer.

3. 'ten opzichte van', njonken. 'Zich goed tegenover iemand gedragen', jin goed njonken immen hâlde. 'Hoe sta je tegenover die kwestie?', hoe stiesto ûnder dy kwestje? 'Hoe sta je er tegenover?', hoe stiesto derûnder, dernjonken?

4. 'vergeleken bij', neffens. 'Wat betekenen 10 miljoen tegenover een miljard?', wat betsjutte 10 miljoen neffens in miljard?

omtrint

It Fryske *omtrint* en it Hollânske 'omtrent' moatte goed útinoar holden wurde.

Omtrint (bywurd) betsjut *hast*, 'bijna': Ik bin omtrint klear; It is omtrint acht oere.

'Omtrent' mei de betsjutting 'aangaande, betreffende' moat yn it Frysk almeast oersetten wurde mei *oangeande, oanbelangjende, oer, op it stik fan*; 'Inlichtingen omtrent de Fryske Akademy', ynljochtings oangeande (ensfh.) de Fryske Akademy.

oan(t) en ta as 'tot'

1. 'ter aanduiding van de **ruimtelijke** grens van iets', oan ... ta, oant; 'Ik reis mee tot Leeuwarden', ik reizgje mei oan Ljouwert ta; 'Tot hier', hjir oan ta (en net *'oant hjir!'); 'Tot aan ...', oan ... ta.

2. 'ter aanduiding van de **richting** van iets', ta. 'Sprekken tot iemand', immen tasprekke; 'Zich richten tot de voorzitter', jin rjochtsje ta de foarsitter.

3. 'ter aanduiding van het **doel** van iets', ta. 'Ik zeg dit tot uw best', ik sis dit ta jo eigen bêst; 'middelen tot verbetering', middels ta ferbettering.

4. 'ter aanduiding van het **gevolg** van iets', ta. 'Iemand benoemen tot directeur', immen beneame ta directeur.

5. 'ter aanduiding van een **tijdgrens** van iets', oan ... ta, oant. 'Tot nu toe', oant no **ta**. 'Ik blijf hier tot maandag, april', ik bliuw hjir **oan** moandei, april **ta**; ek wol: oant moandei, april, hjoed de dei **ta**. 'Tot en met 31 december', oant en

mei 31 desimber. 'Ik heb les van 10 tot 12', ik haw les *fan* 10 (tsienen!) *oant* 12 (tolven!; nei in ferhâldingswurd!). 'Tot in de dood', oant yn 'e dea.

6. 'ter aanduiding van een bepaalde *hoeveelheid*'. 'Tot blz. 6', oant side 6, **oan** side 6 **ta**. 'Tot en met blz. 8', oant en mei side 8. 'Tot op een cent', op 'e sint ôf. 'Hij was royaal, gierig tot en met', hy wie troch alles hinne royaal, gjirrich. De skiften 1, 5 en 6 moatte spesjaal omtinken hawwe: yn de measte gefallen is it ôf *oan* ... *ta* ôf *oant*.

opsicht

'In dat opzicht' kin oersetten wurde mei: fandat(oangeande), wat dat oangiet, wat dat oanbelanget.

'In dit opzicht', wat dit oangiet.

'In één opzicht', yn ien ding.

'In ieder opzicht', yn alles, yn alle dingen, oer en oer, oer/op alle boegen.

'In welk opzicht is dat beter?', wêryn is dat better?

'In velerlei opzicht', yn follen, yn folle ding(en).

'In sommige opzichten', yn guon dingen.

'In staatkundig, sociaal, literair etc. opzicht', yn it steatkundige, sosjale, literêre, ensfh.

'Ten opzichte van ...', oangeande ..., wat ... oanbelanget, oangiet.

'Betrekking hebben op', slaan op.

'Met betrekking tot ...', oangeande ..., wat ... oanbelanget, oangiet.

'Betreffende', oangeande, oanbelangjend.

'Wat dat betreft', wat dat *oangiet*, wat dat *oanbelanget*, fan dat, *fandatoangeande*, dat oangeande, fanditoangeande, *fan sok*, dêrfan, dêryn, op dat slach, op dat stik (fan saken), op/yn it stik fan.

Hokfoar fariant(en) nimme jo it leafste foar kar?

rane, smelte en teie

Yn it Hollânsk kinne *rane*, *teie* en *smelte* alle trije 'smelten' wêze. Dêr sil it wol fan komme dat gâns Fryskpraters ek allinnich 'smelte' brûke.

Izer en oare *metalen* kinne *smelte* by hege temperatueren, mar **bûter**, **fet** en soksoarte dingen *rane* op it fjoer (as se wer kâld wurde, *stjurje* se wer) en *iis* en *snie teie*, as de temperatuer boppe nul komt.

Smelt(sj)e: 'smelten van metaal en fig.'

Rane: 'smelten'; Foar it fleisbrieden moatte jo earst in klute bûter yn 'e panne rane; De parren rane jin op 'e tonge; It is hjir om te ranen (tige waarm); It jild raant jin ta de bûse út (it jild is gau útjûn); De klean rane him fan 'e hûd (de klean binne gau fersliten).

Teie: 'dooien'; Oan wetter teie; As âlde froulju op 't iis komme, wol 't teie.

rêd

Rêd is *hurde*, *fluch*, *gau*, *hastich*.

Mar as de radio of televyzje oanstiet, kin dy net (te) *'hurde' stean, mar (te) *lûd*.

'Hard roepen' is *lûd* roppe.

regel en rigel

Beide wurden binne yn it Hollânsk 'regel'. Om't der net safolle klankferskil is, wurde se gauris trochinoar helle. *Regels* binne ôfspraken dêr't men jin oan hâlde moat, ferkearsregels bygelyks. *Rigels* binne der yn in skreaune of printe tekst; men kin se nûmerje. Dingen, bisten of minsken kinne op in *rigel(e)* stean.

rjocht/rjucht

Wat wurdt jo standertfoarm?

'Integendeel' kin oersetten wurden mei *rjocht oarsom*.

'Eigenlijk, strikt genomen', *fan rjochten*; Do hearste hjir *fan rjochten* hielendal net.

'terecht, met recht', mei rjocht (en reden). Leaver net: *'terjochte'!

Terjochte betsjut 'op syn plak', 'op it krekte plak': In stoel terjochte sette; Bin ik hjir terjochte?; Immen terjochte sette; Mei dy nije masine kin ik net terjochte ('overweg'); Earne net terjochte kinne ('niet geholpen kunnen worden').

rûnom

Rûnom is in bywurd mei as betsjutting *oeral*, *oan alle kanten*, *op alle plakken*: *Rûnom* binne wol earne lju.

As ferhâldingswurd: 'Rond de tafel', om de tafel hinne; 'Hij is rond de 50 jaar', hy is om-ende-by 50 jier, hy sit om 'e fyftich hinne. 'Rond zijn persoon zijn veel problemen', om syn persoan hinne binne gâns swierrichheden. *'Rûn(om) de koer' is gjin goede namme foar in kuorbalblêd. Dat hie wêze moatten: *Om de koer hinne*.

5.3.8. Taalsoarch: geef Frysk yn *rou-, trou- en berte-advertinsjes*

Yn de *Advertinsjewizer* (Ljouwert: Afûk, 1988, s. 49-50) fan T. Beintema e.o., in hantlieding foar it opstellen fan advertinsjes, wurdt ek omtinken jûn oan faak foarkommende *flaters* yn rou-, trou- en berte-advertinsjes. Wy nimme de foarbylden hjir oer.

Minder goed of ferkeard
as gefolch fan in ûngemak
de kremaasje sil pleatsfine op
djip bedroefd
djip troffen
freonen en bekenden
is fan ús hinnegien

leaver gjin besite/besyk
rom 62 jier
op 'e leeftyd fan
lâns dizze wei
nei in muoilik sykbêd
foar al de bliken fan belangstelling
folle sterkte tawinske
de buorren
ús warbere sekretaris/-esse
besoekoere
geweldich bliid
wy geane trouwen
nammens de famylje
resepsje fanôf 8 oere
samenwenjend
tige serieuze bedoelings
geboarte
dat wy trouwen gean
hartlik gefelisitard
in goede kryst

Al sa goed of better
nei (of: troch) in slim ûngemak/ûngelok
de kremaasje *is steld* op/sil *wêze* op
slim ferslein; ferbûke
tige oandien
freonen en goekunde/kunde
is rêst; is ferstoarn; is by ús weinommen; is hjir weinommen; is
(hjr) weirekke; moasten wy misse; hat de Heare ta him nommen;
hat God út ús midden weinommen; is út ús famyljerûnte
weinommen; is by ús weifallen
leaver gjin oanrin
goed 62 jier
yn 'e âldens fan
troch dizze wei; op dizze wize
nei in slimme sykte
foar al de bliken fan meilbjen
in protte sterkte tawinske
de buorlju
ús warbere skriuwer/-ster
besikersoere/besykoere
tige bliid, och sa bliid
wy sille trouwe/boaskje
út namme fan de famylje
resepsje *fan* 8 oere *ôf*
byinoar wenjend; tegearre wenjend (fan twa, STH)
it is (my) mienen/tinken
berte
dat wy trouwe/boaskje sille
fan herten lokwinske
goede krystdagen

Douwe Kalma jout yn syn *Ken jim Frysk* (Drachten: Laverman, 1948), oardere neffens goed tritich libbensgebieten, in samling Frysk taaleigen (5000 wurden en siswizen) foar leargongen en selsstúdzje. Ut it domein *ferkearing en boask* (s. 66-68) dogge wy in kar (omstavere), út en troch oanfolle mei foarbylden út WB-II.

werk van een meisje maken
hij kan wel met haar voor de dag komen
verkering hebben
verkering hebben met
verloofd zijn
verliefd worden
iemand verliefde blikken toewerpen
een verliefde bui
verzot op
de verkering wordt plotseling afgebroken
oneerbare omgang hebben met

om in faam stykje
hy kin wol mei har foar de kreammen lâns
wat oan 't hantsje hawwe
mei immen wêze, by immen komme
fersein wêze
fereale, oanstutsen reitsje
skieppe-eagen op immen smite
in griene rite
sljocht, mâl, gek mei
de ferkearing skuort út
omslaan, omslingerje mei

zullen trouwen; gaan trouwen
zich vergooien
niet wettig trouwen (samenleven)
wederhelft
de wittebroodsweken
nauwe verwantschap
gezamenlijke bloedverwanten

oan it wiif (de man) sille; de lapen gearsmite; yn 'e lange hier
gean
jin weismite
oer de putheak trouwe
oarehelte, sydsulver
de wiggewiken (-moannen)
sibbe famylje, sib folk
de sibbe, it sibtal

door huwelijk familielid worden
lijn of tak van familie
schoonzuster, schoondochter
achternicht

deryn trouwe
staach
snoar(ske)
heale nicht

geboren en getogen
zwanger zijn,

hikke en tein
jongwiif wêze, in spiker yn 'e foet hawwe; heech en dreech wêze;
mei moatte; WB-II (1985): swier wêze; yn ferwachting wêze
swierwêzen, swierens; dracht (doer, perioade fan it swierwêzen)
der is wat geande
in lytsen krije
nei de Wâlden wêze; wâldreis; WB-II: befalle, útpakke, bernje,
kreamje; (fig.) hja is yn stikken fallen; hja is fan 'e baan rekke;
hja hat in wâldreis dien, makke

zwangerschap
er is een bevalling
een baby krijgen
bevallen; bevalling

hja hat in *jonkje, famke* krige
op 'e wrâld komme
it waarm bêd; kreamwarje
nei jin nimme, oanhelje
as bern te hûs
ús heit, ús mem
stiebern, styfbern, stypbern
styffaar, styfheit, stypfaar, stiefaar; styfmem, styfmoer, stypmoer,
stiemem, stiemoer
wyld en geld
bern noch boet, kyn noch kúk
lykme-allinne, poer allinne
fuortskaaie, nei-aardzje
ferskaaie
útskaaie nei
immen ferneame
fan bern ôf oan, fan memmeskerte ôf
bloedjong

(WB-2) zij is bevallen van een *zoon, dochter*
ter wereld komen
het kraambed; bakeren
tot zich nemen, adopteren
als kind in huis
vader, moeder
stiefkind
stiefvader; stiefmoeder

vreemd en eigen
kind noch kraai
moederziel alleen
geslachtelijk overerven
ontaarden, verbasteren
de afstamming lijken op
een kind naar iemand noemen
van kindsbeen af
piepjong

5.4. Eigen wurk (30-45 min.)

Besprek en ferbetterje wer yn groepkes ien of twa eigenmakke teksten

Korreksjebled(en) opdrachten les 5

5.1.1. Staveringsopdracht

Korreksje:

- A. K(k)aänynt (skelnamme Mantgumers), beänderje, oseanysk, reaksje alinea, kreatyf, beänte, beamte, yndividuen (de staveringskontrôle jout ek: yndividuën), reële, seeën, hygiënysk, kopiearje, kliint, Italië (ek: Itaalje), yndustryen, Israel, mei har twaen, poëzije, naïvens, beizelje, deïsme, snieich, klaaiing, meiinoar (almeast: *mei-inoar* [wurdboek], soms ek *meiinoar*), yntuityf, koöperaasje, neonljocht, geolooch, fakuüm
- B. bearen, hieren, roazen, fluez(z)en, freonen, kategorysk, kultureel, ynspiraasje, gijosjek, mammoeten, neontsje (njuentsje, nûnderje, reauntsje, 'neuriën'), akkordeon, neo-romantyk, geolooch

5.1.3. Staveringsopdracht

Korreksje: Kanaänitysk (in Kanaänitysk is in skelnamme foar de ynwenners fan Suwâld; woastling), ideële, oriïntaasje, koöperaasje, poëzije, hygiënist, feeëryk, reaksje, naïviteit, neonreklame, duelliarje, fakuüm, dedusearje, evakuearje, seksje (lykiepening; ôfdieling; by't seksje: yn oerfloed), searje, preemje, evangeelje, taksy (ek: taksje), liny (ek: lynje; 'linie; evenaar'), lynje (op 'e gongelstôk *lynje*), religy, griffy; ferl. WB-1, s. 20: regel 3. It Nederlânske wurdein *-ie* sûnder klam wurdt yn it Frysk *-je* stavere (as de útspraak [j] net gongber is, mei ek y stavere wurde: taksje/taksy, grifje/griffy); der is ek in tiidwurd *grif(k)je* (= griffelje), kuery (pauslik hof), punêze, remize (WB-II en *Nije list: remize*; WB-I: *remise* en dat is net neffens de útspraak), narkoaze, diagnoaze

5.2.1. Tiidwurde-opdracht

Brûk by de korreksje fan de tiidwurden *ferdjerre* oant en mei *gripe* en *hâlde* oant en mei *koaitsje* de alfabetyske listen út *Tiidwurden* (s. 41-48) en *Beknopte Friese vormleer* (s. 57-60).

5.2.3. Tiidwurde-opdracht (folchoarder- en foarmproblemen)

As ferfolch op opdracht 4.2.3. (foarige les; sinnen 7 o/m 10) noch inkelde foarbylden:

Sin 1a: Hy sil dat *lêze* [ynfinityf] *moatten* [mulwurd←] *hawwe*, is in sin fan it type a.; Holl.: Hij zal dat *hebben moeten* [ynfinityf] *lezen* [ynfinityf]. Of: (Ik wit net) oft er dat *lêze moatten← hawwe soe*; Holl.: (...) *zou hebben moeten lezen*.

Sin 1b: Hy sil dat *lêzen* [mulwurd←] *hawwe moatte*, is in sin fan it type b.; Holl.: Hij zal dat *gelezen moeten hebben*. Of: (Ik wit net) oft er dat *lêzen← hawwe moatte soe*; Holl.: (...) *gelezen zou moeten hebben*.

Ferlykje yn les 4: Hy sil dat *dien* [*lêzen←*] *hawwe kinne*; Soe hy dat *dien← hawwe kinne*? Of: (Ik wit net) oft er dat *dien← hawwe kinne soe*. Mei dat mulwurd *dien* waard it ommers in sin fan it type b. In mulwurd moat *fan rjochts ôf* regearre (selektarre) wurde troch in helptiidwurd (d.w.s. it helptiidwurd *hawwe* regearret hjir en beskiedt dus it tiidwurd lofts dêrfan; dat wurdt dus in mulwurd: *dien*). It *mulwurd* ferskynt yn it domein fan de helptiidwurden *hawwe*, *wêze* en *wurde* en kin gjin ynfinityf wurde as it mei sa'n tiidwurd kloftet. Dêrmei komt de folchoarder oars te lizzen as by type a.

In oar foarbyld fan type a. (Ik wit net) oft er dat *meitsje* (regelje) *moatten← hawwe soe*; type b. Ik wit net oft er dat *makke* (regele)← *hawwe moatte soe*.

Yn sin 11: 'Dy stoel hie *makke* [mulwurd←] wurde *kind/kinnen* [mulwurd]', kriget men **twa** mulwurden, de iene by it helptiidwurd *wurde* en de oare by *hie* (fan *hawwe*): (De stoel) hie *kinnen* (*kind*) en (dat) wurdt *makke*.

Yn sin 12: 'Dy stoel moat *makke* [mulwurd←] wurde *kinne* [ynfinityf]', wurdt *makke* neffens de regel regearre (beskaat) troch it helptiidwurd *wurde* en is dus in *mulwurd*. It helptiidwurd fan modaliteit *moat* freget om in ynfinityf, dêrom ferskynt de foarm *kinne* en net **kinnen/kind*.

Men soe it sa beredenearte kinne:

- Dy stoel *moat* wurde: *moatte* freget om in ynfinityf, *wurde* einiget dus op *-e*;
- (Dat en dat) *hie* kind/kinnen: *hawwe* freget om in mulwurd, dus: *kind/kinnen*;
- (Dat en dat) *wurdt* makke: *wurde* freget om in mulwurd, dus: *makke*.

Einresultaat: *twa* (regelmjittige) mulwurden yn de haadsinnen: 'Dy stoel hie *makke* ←wurde *kind*' en ien mulwurd yn 'De stoel moat *makke* ←wurde *kinne*'.

Yn in bysin wurdt it: (Ik wit net) oft dy stoel *makke* ←wurde *kind/kinnen* ←hie. Yn dy sin giet de regel fansels likegoed op fanwegens it foarkommen fan twa beskiedende helptiidwurden (*hawwe* en *wurde*), dy't fan rjochts ôf kreas de mulwurden *makke* en *kind/kinnen* regearje (selektearje).

Yn sin 19a: Der hie [helptiidwurd fan tiid] wol in ferske sjonge [ynfinityf, selsstannich tiidwurd] *litten* [helptiidwurd fan kausaliteit; mulwurd←] wurde [passivum, passivysk helptiidwurd] *kinnen/kind* [helptiidwurd fan modaliteit; mulwurd]; 'Ze hadden wel een liedje kunnen laten zingen'; (dat) hie *kinnen/kind* en (dat) wurdt *litten*. De kombinaasje fan in kausaal helptiidwurd (*litten*) en in passivysk helptiidwurd (*wurde*) liket hjir yn it Frysk wol mooglik en yn it Hollânsk net.

Bysin: (Ik wit wol) dat der in ferske sjonge *litten* ←wurde *kinnen/kind* ←hie.

Yn 19b: Der hie wol in ferske *songen* [mulwurd←] wurde litte *kinnen/kind*; 'Er had wel een versje gezongen kunnen laten worden'.

Bysin: (Ik wit wol) dat der in ferske *songen* ←wurde litte *kinnen/kind* ←hie.

Beide sinnen (19a en b) sille net faak foarkomme en rûke nei oerset Hollânsk, mar foldogge neffens my oan de regel. *Fjouwer* tiidwurden liket wol it maksimum yn de haadsinoarder (+ noch in helptiidwurd fan tiid as *fyfte*; sjoch taheakke oan 'e ein fan it korreksjebled).

Dyk & Hoekstra merke yn *Ta de Fryske syntaksis* noch it neikommende op: 'In faaks wat *marzjinaal*, mar wol nijsgjirrich ferskynsel yn it ramt fan 'e tiidwurdsfolchoarder is it *ûnregelmjittige dûbelde mulwurd*. Nêst sinnen lykas' (...) soe hy dat *dien* [mulwurd] ha *kinne* [ynfinityf]?' fynt men ek sokken lykas ' (...) soe hy dat *dien* [earste mulwurd] ha(wwe) *kinnen (kind)* [twadde mulwurd]'. Dy lêste sin is ynsafier nuver, dat men yn it domein fan *sille* net in ôfslutend mulwurd, mar in ynfinityf op *-e* ferwachtet (ferl. *soe hy dat kinne?*). De konstruksje mei dûbelde mulwurd is net mooglik, at it finite tiidwurd op syn oarspronklike efterlike plak stiet: (...) *dat er dat *dien ha(wwe) kinnen (kind)* soe.' Mooglik is allinnich (...) dat er dat *dien* [mulwurd] *ha(wwe) kinne* [ynfinityf] *soe* (s. 15).

Foar it Standertfrysk lykje sokke *marzjinale* ferskynsels net fan belang.

Nêst in ûnregelmjittich dûbelde mulwurd bestiet der yn it Frysk ek in *regelmjittich* dûbelde mulwurd, bgl. yn de neikommende foarbyld dat Bloemhoff (Bloemhoff, H., 1979, s. 37: 'Heranalyse van een Stellingwerper oppervlaktestructuur'; yn: Århammar, N. en T. Hoekema (red.) (1979), *Scripta Frisica; Tinkbondel foar Arne Spenter, Grins, Frysk Ynstitút RUG [=Us Wurk 28]*) yn *Jobbegedea opheind hat*: Sytse hie dat ek wol *dien* [earste mulwurd] ha(wwe) *kinnen/kind* [twadde mulwurd].

Ferlykje it foarbyld fan Bloemhoff mei de regel dy't boppe formulearre is dat *hawwe* in mulwurd regearret en selektearret: Sytse hie *kind/kinnen* en Sytse hat *dien*. Yn it plak fan twa kear it tiidwurd *hawwe* te brûken, sil men grif almeast ien kear it tiidwurd *sille* brûke en ien kear *hawwe*. Allinnich *hawwe* selektearret dan in mulwurd. Bygelyks:

a. Haadsin: 'Sytse zou dat wel hebben *kunnen* [ynfinityf] doen', Sytse *soe* dat wol dwaan [ynfinityf] *kinnen/kind* [mulwurd←] hawwe.

Bysin: '(Ik weet niet) of Sytse dat wel zou hebben *kunnen* [ynfinityf] doen', (Ik wit net) oft Sytse dat wol dwaan [ynfinityf] *kinnen/kind* [mulwurd←] hawwe soe.

b. Haadsin: 'Sytse zou dat wel *gedaan* [mulwurd] kunnen hebben', Sytse *soe* dat wol *dien* [mulwurd←] hawwe kinne.

Bysin: '(Ik weet niet) of Sytse dat wel *gedaan* [mulwurd] zou kunnen hebben', (Ik wit net) oft Sytse dat wol *dien* [mulwurd←] hawwe kinne soe.

5.2.5. Tiidwurde-opdracht

Lês ek nochris *Tiidwurden*, s. 21-30.

Korreksje: A. reinen, kommen, meitsjen, wêzen, kommen; B. kommen, kommen, rinnen, fuortriden, skodzjen, oankommen, rinnen; C. sitten, lizzen, sitten, hingjen (sin 1 o/m 4), stykjen, oanriden kommen (komd), ynstappen, lizzen; D. lêzen, lêzen, iten, *stien* (!) te fervjen; droegjen

Taljochting by D.4. Hy hat dêr *stien* te fervjen, is yn it Hollânsk: Hij heeft daar *staan* schilderen. Yn it Hollânsk is der in IPP-effekt (infinitivo-pro-participio), dat de ynfinityffoarm *staan* opsmyt. Yn it Frysk *hawwe* wy gjin IPP, dat wij krije it mulwurd *stien*. Boppedat moat dat *te* der yn it Frysk by.

5.3.2. Opdracht betreklike foarnamwurden

Yn de *Beknopte Friese vormleer* wurde de betreklike foarnamwurden behannele op s. 29-31. Ferlykje ek *ferwiiswurden* út *Mei freonlike groetnis*.

Korreksje: de man, dy't; it hynder, dat; al wa't komt; de man oan wa't; alles dat/ wat; (dat)/ wat neat ôffoel; (dejinge/ dyjinge) wa't/ dy't net kofje mei; (dejinge) wa't/ dy't it kin; (dat) wat/ dy't/ wa't moai is, moat (der) bliuwe; de frou, dy't

5.3.5. Opdracht mei de direkte rede, yndirekte rede en tuskenrede

Korreksje: Tsjerk sei, dat er net komme koe (yndirekte rede); Tsjerk sei: 'Ik kin net komme' (direkte rede); Tsjerk sei, hy koe net komme (*frije* rede of *tuskenrede*), ensfh.

Taheakke

Noch wat oer de folchoarder fan in protte tiidwurden:

H.F.A van der Lubbe jout yn syn *Woordvolgorde in het Nederlands* (Assen, 1965²) in 'monsterverbinding': 'Ik zou jou wel eens hebben zien durven blijven staan kijken.' Teoretysk grammatikaal is de sin sa oer te setten: 'Ik soe dy wolris sitten bliuwe doaren sjen wold/wollen ha(wwe) te laitsjen.'

Haad-komplemintstruktuer:

1. sille → soe [persoansfoarm; V2-plak]
2. sille → ha(wwe) [nammefoarm]
3. hawwe → wold/wollen [ôfslutend mulwurd]
4. wolle → sjen [nammefoarm]
5. sjen → doaren [doelfoarm, nammefoarm/ynfinityf + n]
6. doare → bliuwe [nammefoarm]
7. bliuwe → sitten [doelfoarm]
8. sitte → te laitsjen [*te*-ynfinityf; kriget it meast rjochter plak neffens it 'wetje van Overdiep']

Foar it gemak hat 'doare' hjir in nammefoarm oan syn komplemint taktent: *bliuwe* doaren (ferl.: 'Tinkst dat er dat *ite doar?*'). As wy der 'doare te bliuwen' fan meitsje soene (ferl.: 'dat er doar *te iten*'), dan kin it net, want in *te*-ynfinityf komt net fan syn plak.

Yn 'e praktyk sil it sa faaks gean:

1. Ik soe wolris sjen wollen/wold hawwe, datsto sitten bliuwe doarst te laitsjen.
2. Ik hie wolris sjen wollen/wold datsto sitten bliuwe doarst te laitsjen.
Mear sprektaalich (mei prolepsiskonstruksje):
3. Datsto sitten bliuwe doarst te laitsjen, dat hie ik wolris sjen wollen/wold.
4. Datsto sitten bliuwe doarst te laitsjen, dat woe ik wolris sjoen ha(wwe). [yn beskate dielen fan Fryslân]
5. Datsto it doarst om sitten te bliuwen te laitsjen, dat woe ik wolris sjoen ha(wwe). [mei in plakferfangend objekt]
6. Datsto it oandoarst om sitten te bliuwen en te laitsjen, dat woe ik wolris sjoen ha(wwe). ['oan' en 'en' tafoegje]

Inkelde folchoarderregels (Popkema, Friese grammatica) binne:

1. It *haadtiidwurd* stiet foaroan en de persoansfoarm efteroan:
[...] dat er dat **oerset**te kinne moatten **hie** - [...] dat hij dat had moeten kunnen vertalen
 2. Helptiidwurd fan *aspekt* op it twadde plak:
[...] datsto dat stean bliuwe litte moatten hiest - [...] dat jij dat had moeten laten blijven staan
 3. In helptiidwurd fan *kausalityt* komt nei in helptiidwurd fan *aspekt*:
[...] datsto dat stean bliuwe **litte** moatten hiest - [...] dat jij dat had moeten laten blijven staan
[...] dat er him stean bliuwe **litte** kinnen/kind hie - [...] dat hij hem had kunnen laten blijven staan
 4. In helptiidwurd fan de *ûndergeande foarm* ['lijdende vorm'] komt nei in helptiidwurd fan *kausalityt*:
[...] dat soks mar stean bliuwe litten **wurden** is - [...] dat men zoiets maar heeft laten blijven staan
[...] dat soks sjen litten **wurde** kin - [...] dat zoiets kan worden gedemonstreerd
- Opm.: Yn it Frysk kinne sinnen mei in helptiidwurd fan *aspekt* en it helptiidwurd *litte* yn de ûndergeande foarm omset wurde. Dat kin yn it Nederlânsk net.
5. Modale helptiidwurden komme nei *wurde*:
[...] dat dat fotografearre litten wurde **kinnen/kind** hie - [...] dat men dat had kunnen laten fotograferen
[...] dat er stean bliuwe **kinne moatten** hie - [...] dat hij had moeten kunnen blijven staan

Opm.:

(1) By twa modale tiidwurden yn in kloft ('cluster') is it earste altiten ûnecht modaal en it twadde echt modaal.

(2) As der by twa modale tiidwurden in modaal helptiidwurd op it lêste plak stiet, dus yn de persoansfoarm, is dat ûnecht-modaal:

[...] dat er him stean litte **moatten** hawwe **kin** - [...] dat hij hem kan hebben moeten laten staan

6. In helptiidwurd fan *tiid* steat op it foarlêste plak:

[...] dat er lizzen bliuwe kinnen/kind **hawwe** soe - [...] dat hij zou hebben kunnen blijven liggen

[...] dat er skriuwe kinnen/kind moatten **hawwe** soe - [...] dat hij zou hebben moeten kunnen schrijven

Gearfette is de mooglike folchoarder:

(1) *haadtiidwurd*; (2) helptiidwurd fan *aspekt*; (3) helptiidwurd fan *kausaliteit*; (4) helptiidwurd fan de *ûndergeande foarm*; (5) *ûnecht*-modaal helptiidwurd; (6) *echt*-modaal helptiidwurd; (7) helptiidwurd fan *tiid*; (8) *persoansfoarm*; (9) *te* + ynfinityf.

Tige komplekse foarbylden binne net maklik te finen en dogge keunstmjittich oan, bgl.:

[...] dat soks stean bliuwe litten wurde kinne moatten hie - [...] dat men zoiets had moeten kunnen laten blijven staan. Yn in bysin hâldt it mei trije of fjouwer tiidwurden al gau op. En dan is der by de taalbrûkers ek al gau ûnwissigens (mulwurd? nammefoarm/ynfinityf?).